

Eftergrûn en ûntstean fan it boek

De eftergrûn

De eftergrûn fan it ta stân bringen fan dit boek is de konstatearring fan it bestjoer fan *It Frysk Boun om Utens* dat it tal Fryske krite, sa as dy foaral yn 'e foarige ieu bûten Fryslân - tichtby en fierôf - ûnstien binne, stadichoan weromrûn is en noch stees weromrint. Boppedat nimt ek it tal leden by de oerbleaune krite ôf. Fierder moat fêststeld wurde dat der - spitigernôch - sprake is fan in 'fergrizing' fan it ledebestân. It bestjoer fan *It Boun* hat faak oer dy ûntwikkeling diskusjearre en is ta de konklúzje kaam dat der op it mêd fan it oprjochtsjen, de opgong en de delgong fan de Fryske krite sprake is fan sa'n nijsgjirrich en weardefol stik skiednis, dat it net ferlern gean mei. As wy neigeanne hoefolle kloften Friezen yn de rin fan de tiid fanwege earmoed en wurkleazens fuorttein binne nei oare provinsjes fan Nederlân, ja sels oer de oseeanen nei oare dielen fan de wrâld, dan kin dat net oars sjoen wurde as in hiel bysûnder barren. It is bjusterbaarlik dat op safolle plakken Fryske selskippen en krite oprjochte binne foar de ûnderlinge kontakten en om de bân mei Fryslân en it Frysk te bewarjen. It kin sjoen wurde as in skiedkundich en kultureel ferskynsel dat wurdich is om omtinken te krijen, sawol fan de minsken fan hjoed-dedei as fan it neislachte.

Wat de datum fan publikaasje fan it boek oanbelanget, komt der lykwols noch in faktor by. It soe mooglik mear foar de hân lizze hjirmei te wachtsjen oant it 100-jierrich bestean fan *It Boun*. Dat soe yndied kinne, want *It Boun* is yn 1923 oprjochte en oer goed tsien jier is der dus sprake fan in bysûnder jubileum. Mar dêr stiet tsjinoer dat der op dit stuit sawol by *It Boun* as by de besteande krite noch de mankrêft, de motivaasje, de kennis en de kunde oanwêzich binne om sa'n mansk wurkstik út te fieren. It is nuodlik om ôf te wachtsjen oft dat nei ferrin fan tiid noch wol it gefal is. It boppesteande is de eftergrûn fan it ferskinen fan dit boek yn 2011.

It ûntstean en de ynhâld

Al yn 2005 hat it bestjoer fan *It Boun* oer it útstel praat om de skiednis fan de Fryske krite en dêrmei de skiednis fan *It Frysk Boun om Utens* fêst te lizzen. Ynearsten gie it tinken der nei út in eksterne wittenskipper te freegjen dat wurk te begelieden. Dêr soenen dan ek eardere ûndersiken, sa as dat fan de Fryske Akademy *Friezen om utens* (1996) fan Lammert Jansma en Gjalp Jelsma yn behelle wurde.

It soe dan in soarte fan ferlykjende stúdzje wêze, mei dêroan te ferbinen konklúzjes oangeande de ûntwikkelings yn de ôfrûne jierren.

Nei yngeand oerlis kaam it bestjoer ta de konklúzje, sa'n stúdzje net opportún te finen en dat dy ek net strykt mei ús idee fan it fêstlizzen fan in skiednis fan Friezen om utens yn (mear) organisearre ferbân. It moast in boek wurde dêr't de krite, *It Boun* en minsken, dy't dêryn funksjonearje, in plak krije soenen.

It moast gean om it wurk fan de krite, om it sjongen en it spyljen, it toaniel, it dûnsjen, ensfh. It moast in byld jaan - en dat kin fansels nea folslein wêze - fan wat der sa trochinoar op al dy tûzenen kritejûnen en de regionale of lanlike Friezedagen dien waard.

It moast gean oer datjinge dat him yn al dy lytse en grutte sealen ôfspile hat en hoe't de minsken dêr mei elkoar omgienen.

Yn it boek moasten nammen stean fan bestjoers- en kriteleden dy't harren warber opsteld hawwe.

It is om dy reden dat oan de noch besteande kritebestjoeren frege is om harren eigen skiednis te beskriuwen, wylst de redaksjekommisje ynformaasje sammele hat oer de ophefte krite yn sawol Nederlân as dêrbûten.

Lei it earst yn de bedoeling en behein it wurk ta de krite fan *It Boun* en har foargonger *It Boun fen Fryske Selskippen bûten Fryslân*, de praktyk liet sjen, dat koe net.

Ommers, it *Selskip 1844* hie oansletten krite bûten Fryslân en sa ek de Jongfryske Mienskip en it KFS. Sjoen de doelgroep *Friezen om utens yn organisearre ferbân* mocht oan dy krite net foarbygjen wurde. It hat al fan gefolgen hân, dat wy troch de tiidsdruk minder folslein omtinken jaan koenen oan de krite fan de Jongfryske Mienskip en it KFS. Fierder is yn de marzje ek omtinken jûn oan de studienteferienings.

Guon ûnderwerpen is yn in apart stik bysûnder omtinken 20

oan jûn. Ik neam hjir û.o. de mobilisaasjes, sawol yn de 1ste as de 2de Wrâldoarloch en de neisleep dêrfan, te witten de oarloch 1940-1945 en de oanwêzichheid fan Nederlânske militêren yn Nederlânsk-Ynje.

Wurkwize en einredaksje

Fansels is de konsekwinste fan dy oanpak, dat de bydragen fan de krite nochal fan elkoar ferskille. De iene krite hat by de redaksje in wiidweidich stik ynlevere oer alle mooglike hichtepunten en jubileums, in oare - sa as wy ek frege hienen - in protte nammen. Guon hawwe rynsk west mei ynformaasje, oaren sunich. Itselde mei de foto's.

Net alle krite hawwe rekken hâlden mei wat de redaksje graach fan harren sjoen hie. Lykwols elkenien wie frij yn har of syn dwaan en litten.

De einredaksje hat wol besocht der wat mear ienheid yn oan te bringen, mar hja hat har dêr beskieden by opsteld. Lykwols net alles wat oandroegen is oan tekst en foto's hat in plak yn it boek fûn, mar krekt dêrfoar is der soks as in einredaksje.

De redaksjekommisje bestie ynearsten út Sjoerd D.A. Bakker, Tsjalling Beetstra, Hâns Dijk, Jantine de Boer, Yme en Ary Meintema, Tseard Postma, Geecke Sybesma, Anne Tuiten en Hâns J. Weijer. Geecke Sybesma moast him om reden fan sûnens weromlûke. Foar him yn 't plak kaam Tia Walstra.

Op basis fan it skreaune en sammele materiaal hawwe Sjoerd D.A. Bakker, Tsjalling Beetstra, Hâns Dijk en Hâns J. Weijer de einredaksje fersoarge. Douwe Fierstra hat de bydragen sammele en de akuele stân fan saken byhâlden.

Boukje Andringa-Brattinga hat de soarch foar de by it boek hearrende DVD oernommen. Robert Kalverda fan it Frysk Filmargyf hat yn oerlis mei Boukje de DVD produsearre.

Bounsskriuwer, Hâns J. Weijer, hat op basis fan syn oplieding en ûnderfining as einredakteur fungearre. Bounsoarsitter, Hâns Dijk, giet sels safier, dat er it Hâns Weijer syn 'libbenswurk' neame wol.

En yndied it hat al mei al in dreech krewei west.

De redaksje rôle fan it iene yn it oare en hie noch wol in skoftke trochgean kinnen; lykwols der kaam in momint, dat ek sy der in punt achter sette moasten.

Mear as fjouwer jier hawwe wy as redaksje oan 't wurk west en dat hat lang net altyd like maklik west. Al dwaande kaam it besef, dat it folle mear ynhold, as dat wy tochten.

En noch is it net folslein. Dat wie ek net nei te stribjen, it moast in byld fan de gong fan saken jaan en dat jout it. En fierder, by literatuerûndersyk en ek by ferslaggen is de redaksje ôfhinklik fan de krektens fan dy gegevens. Gelokkich joech it wurk ek foldwaning. It wie faak tige nijsgjirrich om te sjen hoe't it libben eartiids wie, hoe't it feroare, hoe't de minsken tochten en mei-inoar omgongen. Sa kamen wy hieltyd wer aardige dingen tsjin dy't it wurk de muoite wurdich makken.

Wy binne nei al dy tiid wiis mei it resultaat en hoopje dat

in protte minsken mei nocht yn it boek omsneupe sille.
Ut namme fan de einredaksje,
Hâns J. Weijer